


Sicht op



Hjerst 2017

Frysk Oekumenysk Wurkferbân Hjerbeam

Foarsitter:	Paulus Hettinga	452331.
Sekretaris:	Marijke van der Pol	393309.
Skriuwadres	Kleijenburg 8 8801 KN Frjentsjer	
Ponghâlder:	Alte Lourenz	396493.
Diakonij:	Joke Hoekstra	392910.
Kommisjeleden:	Oane de Boer	393628.
	Ep van Duinen:	392894.
	Jan de Haan:	341865.
	Hidde Frankena:	396980.
Hiembehearder:	Appie Reitsma	394348.
	fowhj@kpnmail.nl	
Oargelist:	Evert Dijkstra	395104.
	lemie-evert@hotmail.com	
Kosters:	Harrie Span	394926.
	Piet & Trix Terpstra	850124.
	Thomas Wiersma	394117.
Hiemside	www.fowhjerbeam.nl	

FREUGDE YN DIZZE TIID.

Yn myn boekekast stiet in ‘âld’ boekje fan de teolooch A.A. van Ruler. It boekje hjit ‘Blij zijn als kinderen’.

Dêryn stiet in koart artikel mei as kop:

“De freugde as kristlik libbensgefoel.”

Van Ruler skreaun it yn 1966.

By my riist in fraach. Is dat noch fan dizze tiid?

Dat libbensgefoel fan in kristen kin ek leafde, tankberns, of berou wêze, skriuwt van Ruler. Mar hy kiest foar freugde.

Freugde as wize fan it libben. As we nei de wrâld sjogge dan wol dy freugde mar muoilik yn my opkomme.

Dan skamje ik my foar dy gedachte.

Dat kin dôchs net yn in wrâld dy’t op in fulkaan liket dy’t op útbarsten stiet. Driging is wat wy fiele en gjin freugde.

Spanning tusken lannen, klimaatkrisis, oarloch, flechtlingen, skiedingen, bern dy’t iensum binne, âlden dy’t ferpieterje en gean sa mar troch. Hoe kryt in teolooch it yn’ e holle om freugde as it wichtichste libbensgefoel te sjen?

Dat komt omdat hy seit dat we as kristen yn wêzen skepsel binne. En wy meie leauwe dat God bliid is mei ús as syn skepsel. Dat is in prinsipe, dat is it wêzen fan immen dy’t leaut. Wy binne bern fan God en God hat ús leaf. As wy dope, dan dope we earst en dan pas freegje wy de doopâlders wat sy der fan fine.

God hâldt fan ús sûnder betingst, wol dat sizze.

Dat is in stimpel op ús siel: jimme binnen bern fan My.

De freugde as libbensgefoel is ek in aventoer. En in aventoer kin goed útpakke, mar ek op ‘e kop ferkeard gean.

Dat sjogge wy elke dei wer yn byld en gelûd.

Libje yn freugde?

Is dat net te folle frege? Ja en nee.

As ierdske minsken fan fleis en bloed, mei pine en gelok, skommelje wy tusken hichten en djipten yn.

Soms binne wy lokkich en soms binne wy ferslein.

Libbe van Ruler sels yn dy freugde?

Myn kollega ds. Lieuwe Bergstra wist my te fertellen dat van Ruler alderaardichst en freonlik wie,
en tagelyk oan it ein fan syn libben foar de radio in kear fertelde dat hy ek pleage waard troch swiere depresjes.
En doch hat van Ruler as kristen weet fan in libben as kristen, as libje yn freugde. Dy freugde fynt hy yn de tsjerketsjinsten, ûnder it sjongen, bidden, en lêzen yn it Evangeelje.

Wat ik dêr sels fan tink? Dy freugde is by my in langstme. Ik wit der fan, mar it slagget my net der altyd yn te libjen. Yn Kristus kinne wy, sa leau ik mei Paulus, ‘ús hert sette op wat boppe is, en net wat op ierde is’, stiet yn Kolossers 3:2. Paulus sprekt fan libje út e’ Geast. Dat neamt hy it wiere libben, dat mei Kristus ferburgen is yn God (fers 3). Mystieke taal, dy’t we ûnderfine as wy libje yn ‘e Geast, dat is de geast fan ynlike barmhertigens, minlikens, nederigens, freonlikens en geduld.

Ferdraach inoar en ferjou inoar, as de iene wat op de oare tsjin hat [...] Boppe dat, allegearre moatte jimme de leafde oannimme. (fers 12-13) Dat jout frede en dat jout freugde. We sjogge wat der yn it lyts en grut oan tragedy is, we lije mei, mar falle net om.

We meie libje yn in ferstille freugde yn Kristus.

Ds. Sytze Ypma



KOMMENDE FIERINGEN YN 'E NIKLAASTSJERKE

22okt.	frou J. Mulder	Yndyk mei it koar Melange
5 nov.	dhr. P. Speelman	Folsgeare
19 nov.	dhr. H. Wiersma	Skearnegoutum
3 des.	dhr. H. Gilliam	Penjum
17 des.	frou S. Sterk	Snits
25 des.	Ds. K. Visbeek	Dokkum mei in koperensemble

Alle fieringen begjinne om 9:30 oere

UT DE KOMMISJE.

It is wer tiid dat wy de ynwenners fan Hjerbeam en de besikers fan de tsjinsten yn de Niklaastsjerke ynformearje oer de gong fan saken.

Bousaken.

Earder is al meidiel dat wy dwaande binne mei it skilderjen bûtenom, it restaurearjen fan de trije getizeren finsters yn de súdmuorre, it meitsjen fan in goate en in stikje fan it dak.

Troch rustfoarming stienen de finsters rûn en ien sels hast op knappen. Om dat wer goed te krijen moasten alle rúten der út en ferfongen wurde. In hiele put en net goedkeap.

Flak foar de boufakânsje wiene de planken der wer foar wei en it glês der yn. Allinnich die bliken dat yn it glês noch al wat kleurferskil wie en dat wie sa net de bedoeling.

Nei ûndersyk wie de konklúzje dat der in flater makke wie mei it klear meitsjen fan it glês. De útfierder fan it wurk hat nei oerlis beslúten dat al it glês ferfongen wurde moat om't oars de kâns grut is dat der wer op 'e nij kleurferskil is.

Dit allegearre sûnder mear kosten foar de stichting !

It is it doel de nije rúten oan te bringen yn de earste wike fan oktober. Dernei noch it skilderwurk ôfmeitsje (de finsters oan de bûtenkant en in goate) en it stúkwurk by de finsters oan de binnenkant.

Ek is hjir en dêr it mitselwurk reparearen.

Al mei al in soad wurk en in hege kostenpost fan san € 20.000

Mar wolle je de tsjerke yn stân hâlde dan moat der op 'e tiid ûnderhâld dien wurde, earder de spits, doe de flier yn de tsjerke, no it skilderwurk en de finsters.

Wy koene de kosten beheine troch de ynset fan de frijwilligers, Wierd de Haan, Thomas Wiersma en Ben Barends.

Neist it boppesteande hawwe de frijwilligers ek it hekwurk oan de súdkant yn de ferve setten en stiet it der wer kreas by.

Wat ek oan pakt is troch harren is de berchromte dy't brûkt wurdt troch de begraffenisferiening.

De boel wer ris goed opromme.

Jildsaken

Troch de kosten fan it ûnderhâld hjir foar neamd, binne wy hast troch de reserves hinne. De saldy – sjoch mar op de hiemside fan de stichting- binne oan it ein fan dit jier sa goed as op en is de boaiem yn sicht. Fansels wy hawwe ek subsydzje oanfrege, mar dat is mar foar in diel fan de kosten.

Wolle wy yn steat wêze de tsjerke fan Hjerbeam yn stân te hâlden dan sil der wer it noadige yn it ûnderhâldsfûns komme moatte. No sil dat oan de ein fan it jier swier negatyf wêze. Dat is in saak ek foar de ynwenners fan Hjerbeam. Wolle jimme de tsjerke yn stân hâlde of net. Gjin ûnderhâld betsjut fertutearzen en ta eintsjebeslút sloop. Wat yn it ûnderhâldsfûns komt wurdt net brûkt foar de tsjerketsjinsten, die steane apart.

Wy hawwe yn de lêste gearkomst fan de kommisje ek oan de oarder hân de finânsjen en dat ôfset tsjin de begrutting 2017. It docht bliken dat de kosten sich aardich ferhâlde ta wat raamt is útsein dan fan de bousaken dy't net raamt wienen. De ynkkomsten rinne efter by wat raamt wie. Der moat foar it ein fan it jier noch wol wat barre wolle wy net te bot negatyf komme. Graach oandacht foar de jeften !

Kommisje.

Der binne nije kommisjeleden nedich. In pear hawwe oan jûn, nei al in soad jierren diel west te hawwen fan de kommisje, no wolris harren plak oan in oar te jaan.

De easken binne net sa grut, elk kin it dwaan !

Der wurdt net mear frege dan wat as doel yn de statuten stiet:

- de grûnslach is de gearwurking fan minsken dy't har fine kinne yn de wurden fan it "Us Heit",
- it doel is it organisearjen en realisearjen fan earetsjinsten yn de Fryske taal yn Hjerbeam en
- it iepen hâlden fan de tsjerke yn Hjerbeam.
- Der hat al ien ta sein plak yn de kommisje ynnimme te wollen, mar der is mear nedich.,

Oh sa graach wolle wy kommisjeleden dy't yn Hjerbeam wenje of dermei ferbûn binne. Dus minsken yn Hjerbeam stel jimme beskikber om sa ek mei te dwaan jimme tsjerke yn stân te hâlden!! Nim kontakt op mei in kommisjelid, de telefoannûmers steane yn dit krantsje. !!

Hidde Frankena, 28 septimber 2017.

HURDKOPPEN.

Yn syn machtich, tige tsjok wurk

"Uit Friesland's Volksleven" hat Waling Dykstra in nysgjirich haadstik ynromme foar "Friesche Stijfkoppen".

Tafal as net, dy hurdkoppen komme hast allegearre út dizze kontreien. Hjir it earste:

* Klaas Yntes wie boer yn Achlum.

Hy stie bekend as in echte stânfries en die wat er sei.

Hij fokte springhynsten, dêr't in protte rom fan út gie.

Stêdhâlder Prins Willem V (1748-1806) hie tige sin oan Klaas' bêste hynst Feniks en bea him 1000 gûne.

Mar Klaas sei: As wie Willem de duvel sels, hy kriget him net.

Dêrom liet Prins Willem de hynst troch keurmester Toutenburg ôfkeure as springhynst.

Tige lilik liet Klaas doe syn bêste hynst snije (ta rún meitsje).

Toutenburg hearde dêrfan, socht Klaas op en

sei gnyskjend tsjin de boer, dat hy syn hynst no wol wer as

springhynst brûke mocht. "Do duvel", rôp de boer. "asto dyn

bek net hâdst, sil ik dy deselde behandeling jaan as mijn hynst,

ek al stie Prins Willem derby. Toutenburg wie al fuort.

FAN DE PONGHÂLDER.

Opbringsten Frysk Oekumenysk Wurkferbân Hjerbeam
Twadde kwartaal 2017

Kollekten	€
April	409,30
Maaie	192,70
Juny	<u>141,55</u>
	743,55
Jeften	<u>544,00</u>
Totaal	<u>1.287,55</u>

Diakonijkollekten	€
2-apr. Diakonij	145,60
16-apr. Zending	95,20
30-apr. Edukans	127,60
14-maaie Victorv4All	80,40
28-maaie Project Namasté	53,15
4-juny Mama Jane	102,30
18-juny Voedselbank	<u>59,00</u>
	<u>663,25</u>

Foar alle jeften hertlik tank!

Bankrekkens:

Stichting Frysk Oekumenysk Wurkferbân Hjerbeam:
NL45RABO 0320435156

Diakonij Stichting Frysk Oekumenysk Wurkferbân Hjerbeam:
NL45RABO 0320439550

Hurdkoppen 2

* Eeke, de mûnder fan Arum, wie net ynnommen mei de nije dûmny: “ net frijsinnich genôch” en dêrom kaam er net mear yn tsjerke, wylst er nota bene ek noch âlderling wie.

De dûmny klage him oan by de boargemaster en dy frege hoe at dat siet. “Wol”, sei Eeke.

“Dat sit sa: ik bin de dûmny in boekje foarút: hy is noch mar by de katechismus en ik bin al by it Evangeelje”.

Jezus yn de Koran

Yn de Koran fan de Mohammedanen is Jezus in belangryke profeet. Syn namme *Isa* komt wol 25 kear foar, dy fan Mohammed mar 5 kear.

Ek yn de Koran is Isa de Messias, stipe troch de Hillige Geast. Syn mem wie **Marjam** . Sy is de ûnbesmette, suvere faam lyk as yn de Bibel. Ien folslein haadstik yn de Koran is oan har persoan wijd. Sy krige Isa op in iensum plak ûnder in dadelpalm.

Doe 't sy bang wie berappe te wurden omt se nea in man hân hie, begûn de baby Isa yn de widze te fertellen dat Allah him stjoerd hie. As bern die Isa al tal fan wûnders. Sa be-azeme hy sike fûgels.

Isa krige syn boadskip fan Allah yn de foarm fan in boek: de Indjel. Dit wurd is in ferbastering fan it wurd Evangeelje. Der wienen noch twa oare hillige boeken: de Thora fan Mozes (yn de Bibel de 5 boeken fan Mozes) en de Zaboer (dat binne de Psalmen fan David.)

Yn dy 3 boeken: de Thora, de Zaboer en de Indjel waard de Islam as de ienichste religy iepenbierd.

Mar neffens de Islam is de Thora ferprutst en ferfalske wurden en is de Indjel fan Isa ferlern gien.

De Koran is it 4de boek en no noch de ienige, wiere gids foar de boadskip fan Isa (= Jezus)

Mohammed is Allah's jeft oan de Kristenen om de misferstannen oer Jezus út de wei te romjen.

Sa is Jezus neffens Mohammed net krusige wurden, mar hat ien fan syn dissipels dat op him nommen, wylst Jezus doe opnommen is yn de himel.

Jezus (Isa) is net de soan fan Allah, hy is in gewoan minske. Syn boadskip wie bedoeld foar de 12 stammen fan Israel , net foar de folsleine minskheid.

By syn Weromkommen sil hy tsjûgje, dat de Koran gelyk hat.

Kristenen dy't net yn Mohammed leauwe, geane neffens de Koran nei de hel.

In goede Moslim nimt gjin Kristen ta freon, hy moat him sels bestride en befjuchtsje.

De moslimterroristen fan hjoeddedei sille harren wol op dizze opdracht beroppe.

It boppesteande is in koarte gearfetting fan in artikel oer it boek "*Dezelfde God?*" fan dr. Mark Durie.

As jo it hiele artikel lêze, krije jo de yndruk, dat Mohammed de Bibel oait ris lêzen hie, mar dat hy der it fijne net mear fan wist doet er de Koran skreau, sa binne allerhande nammen en feiten ferhaspele wurden.

G.Z.

DE VOEDSELBANK.

It is hjerst, de tiid fan de rispinge fan de fruchten fan de ierde. Aanst komt de winter.

Sûnt lang is dit de tiid om te dielen wat it libben ús skinkt, mei minsken dy't minder hawwe.

Derom (freegje wy) omtinken foar de voedselbank.

Want de voedselbank wol minsken troch de minne tiid helpe.

Bygelyks dy húshâlding dy't al in pear jier net mear as € 400 yn de moanne hat foar iten, klean ensaf. en dat foar fjouwer (!)man.

Der wurdt by ús foar kollekteard yn de tsjinsten.

Mar men kin ek jild oermeitsje nei

NL 13 RABO 0123148111 t.n.v. de Helpende Hand Harlingen

"De Helpende Hand" wurket yn de gemeenten Harns,

Frentjerteradeeheel, It Bildt en Menameradiel.

Yn Memoriam

Nies Zondervan

*15 juny 1935

†16 augustus 2017

In trou tsjerkgonger komt net mear de terp op rinnen.

Sy ûnferwachtse ferstjerren wie in skok foar ús.

Wy mochten by de syn útfeart yn Frjentsjer

treast fine yn de wurden fan Jesaja 52:12

dy't op roukaart stie:

“De Heare sels giet ommers foar jim út
en de God fan Israel slút jim rigen as wacher”

Ut namme fan FOWH, Paulus Hettinga



Fanôf de toer nei it noarden ta